


KRYPTOGRAM 284a




Horizontaal

- 1 Hjirmei kinne weibrûkers wol oerwei (7)
- 5 Fuotbalskuon fan Feanhuzen en It Hearrenfean (11)
- 6 De kriter krige in soad jild (6)
- 7 Op de merk, dêr wurdt men berne (5)
- 8 Wurdt yn ltaalje sprutsen (4)
- 9 Izerhâldend hout (6)
- 12 At hja yn har wurk de romte krijt is it in heechfleander (10)
- 15 Smoarge bargedialekt (6)
- 18 Relaasjegesking (8)
- 19 It ferlienen fan in famyljeskyld as ferdigening (10)
- 22 Adviseur op de bank (14)
- 24 Goai jild op foar de sigaren (4)
- 25 Meubeltransport dêr 't in soad jild mei anneks is (11)
- 26 Bonkeweefsel (6)
- 27 Wurdt yn Moarre iten (6)
- 28 Krûderij om glimmers en neblingen ta te meitsjen (8)
- 29 Lichemsdiel fan de keamerkat (9)

Fertikaal

- 1 Sprekker mei diskalkuly (9)
- 2 Bedriuwserpakking fan de notaris (7)
- 3 Gjin izersterke bak (10)
- 4 Foar de ferliezers in bakje kofje (6)
- 6 In tramkonduteur wûn de etappe (9)
- 10 Wittenskipper dy 't de essinsje begrypt (13)
- 11 Fêstrûn bestân (4)
- 13 Romte om te ringstekken (8)
- 14 Sterke Roel wurket yn de sloop (10)
- 15 Is foar de feroaring in hiele toer (5)
- 16 In kamiel dy 't de tiid hat (9)
- 17 Hy regelt it jildferkear (10)
- 20 Stikstof (8)
- 21 Opfangfoarsjenning foa feehâlders (8)
- 23 Ofrin fan proaza oer Kwik, Kwek en Kwak (7)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 6 - 24 - 2 - 27 - 15 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan **Kryptogram 284a**. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 284a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **4 juny** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekjebon t.w.v. €15,-** ferlotte.



OPLOSSINGEN WIKE 19

Kryptogram 283a:

Plaknamme:
SPANGEA
 Winner Boekebon:
 Maartje Rienstra,
 Oppenhuizen